

Les 5

Programma les 5

1. Utwikseling fan ûnderfinings mei it stazjeringen of mei it ôflizzen fan it earste diel fan it praktykeksamen. Ynlevere of opstjoerde lesmatriksen en evaluaasjeformulieren wurde weromjûn en bepraat.

Opdracht (± 20 min.):

a. Foarmje (min ofte mear spontaan) groepkes fan 3 of 4 kursisten. Wikselje ûnderfinings út (oer de stazje). Wat giet goed en wat minder goed? Besykje oplossings te betinken foar wat minder goed giet. Presintearje en bediskusjearje dy oplossings plenêr.

2. It fêststellen fan tiid en plak fan de 6^{ste} teoryles.

3. De opdrachten (húswurk) foar dizze les komme oan bar:

a. *Lesjaan*, hdst. 6 (s. 80-103), oer ‘Media’ en hdst. 7 oer ‘Groeparringsfoarmen’ (s. 105-113). Der wurdt in priuwke jûn fan de ûli’s (ûnderwiislearienheden), dy’t de Afûk yn it ferline brûkt hat en dy’t noch altiten gaadlik binne foar minsken mei net folle foaroplieding. De komponinten dan de *didaktyske analyze* binne der goed yn werom te kennen. De ûli’s slute net mear oan op ‘e eksamens. Se wurde net mear by de tiid brocht en sille grif slim te besetten wêze.

b. *Lesgeven*. Haadstikken of parten fan haadstikken dy’t de foarige kears net genôch omtinken krije koene, komme wer oan bar. Fierders wurdt hdst. 7 oer ‘Leerdoelen en leerstof’ (s. 200-223) ynlaet troch ien of twa kursisten, benammen op basis fan de fragen (sjoch les 4). Dêr kin op reagearre wurde troch de lesjouwer en oare kursisten.

Opdracht: Hâld jo/jimme ynlieding foar de hiele groep. Jou de betsjutting oan dy’t it haadstik oer leardoelen en leerstof foar jo/jimme hân hat.

c. Undúdlikheden of fraachpunten út de fjirde les fan de *skriuwkursus* wurde bepraat. It giet wer benammen om taalregels, taaleigen, ynterferinsjes, noarm- en standerttaalproblemen.

d. De *taalsoarch- en taalnoarmartikels* dy’t lêzen binne, komme oan bar. Dat binne diskear publikaasjes fan D. Kalma, *Freegje mar fierder* en *Frysk taeleigen-boekje I (It tûch der út!)*. Wat wol Kalma en watfoar nijsgjirrich taaleigen is oan de didaktykkursisten noch net bekend? Meitsje oantekens. De artikels fan Dykstra en Sytstra kinne ek noch op it aljemint komme as der ferlet fan is.

Opdracht (± 20 min.):

a. Foarmje in groepke fan 3 of 4 kursisten. De groepsgearstalling kin men oan de kursisten sels oerlitte of dy mei kaartsjes of nûmering wat ‘tafalliger’ meitsje. Leafst in gearstalling dy’t wat oars is as de foarige kears. Hâldt rekken mei in taakferdieling lykas yn les 4 neamd is.

b. Bepraat de beide publikaasjes fan D. Kalma, *Freegje mar fierder* en it *Frysk taeleigen-boekje I*, (mei) oan de hân fan de fragen út les 4.

c. Lit plenêr witte:

- hoe’t it *organisatoarysk* gongen is en
- wat it *ynhâldlik* oplevere hat.

d. Binne der noch diskusje- of fraachpunten oerbleaun dy’t yn de ‘hiele groep’ (plenêr) oan bar komme moatte?

e. De útgongspunten fan it taalûnderwiis fan de Afûk út it *Afûk-learplan 1990 en fierder* (s. 8-12) wurde taljochte en bediskusjearre.

Opdracht (± 20 min.):

a. Foarmje duo’s (bgl. troch de kursisten sels kieze te litten of kleure kaartsjes lûke te litten [twa deselde kleuren liede ta in duo] of in oar yndielingskritearium te betinken).

b. Bepraat yn duo’s it *Afûk-learplan 1990 en fierder* par. 2.1 en par. 2.2. Stel inoar om bar in fraach (bgl. oan de hân fan de fragen oer it learplan yn les 4). Bepraat eventuele ferskillen fan ynsjoch by it jaan fan antwurden.

c. Ien fan de leden fan elts duo jout plenêr oan oft dizze foarm fan selsstannich wurkjen bydraacht ta in better *begryp* fan de leerstof en ta it stribjen dat it learen (learproses) safolle mooglik *betsjutting* kriget foar de kursist. Jildt dat foar beide leden fan in duo? Is it effektiver as in frontale/klassikale behanneling troch in lesjouwer?

d. Tink thús der ris fierder oer nei oft dizze wurkfoarm (duo's foarmje dy't tegearre in opdracht útfiere of opjefte meitsje ensfh.) ek tapasber is yn (in part fan) de les (bgl. in leske/opdracht út it A-boek) dy't jo jaan moatte op jo staaazje-adres.

Opdracht:

Nim foar les 6 it A-boek (+ hantlieding) mei.

Opdrachten (húswurk) foar les 6

1. *Lesjaan*, hdst. 8 oer it 'Fêststellen fan de resultaten en evaluaasje' (s. 115-150), moat efkes globaal trochnommen wurde. Begripen as *trochrinnende* of *ymmaninte* kontrôle, *proses-* en *produkte*evaluaasje moatte ferbûn wurde kinne mei it lesjaan oan Afûk-leargongen.

De easken dy't steld wurde oan it eingedrach fan de kursisten, binne foar it grutste part net mear by de tiid en moatte helle wurde út it eksamenreglemint sa't dat jildt foar it rinnende kursusjier. Dat is te finen yn it boekje *Ynformaasje foar lesjouwers*. Lês de rillevante stikken jiris troch, benammen dy oer de diploma's, eksamens foar net-Frysktaligen en Leargong A. It moat de didaktykkursisten ek bekend wêze hokfoar kritearia oft der jilde foar it fêststellen fan de eksamenútslach (benammen dy foar it *sakjen/slagjen*). Ornaris is yn de kursusboeken ek ynformaasje oer de eksamens te finen, bygelyks efteryn, dêr't it eksamenreglemint Fryslân-diploma's opnommen is. Ut de hantlieding (foar de lesjouwer) by in kursusboek kin men faak ek wol ynformaasje helje oer de brûkte korreksjemodellen.

De ynformaasje oer in goede *titelbeskriuwing* en oer *literatuerferwizings* yn *Lesjaan* (s. 145-148), is wol fan belang. Brûk de regels konsekwint neffens in fêst model as jo of jo kursisten boekelisten gearstalle of in referaat skriuwe. In didaktykkursist kin syn foardiel dwaan mei de regels foar *titelbeskriuwing* en *literatuerferwizing* as er in *literatuerlist* foar de eksamenmap meitsje moat of yn in *ynlieding* of *skôging* op skrift ferwize wol nei oare publikaasjes. *Mei freonlike groetis* jout dêr ek ynformaasje oer.

Wat der op in boekelist mei (moat), is te heljen út it B-, C-, en Akteboek. Foar de kursussen foar net-Frysktaligen en leargong A is in boekelist mei it each op de eksamens net fan belang.

2. *Lesgeven*, hdst. 8 oer 'Werkvormen' (s. 228-254 en 262-277), wurdt troch ien of mear kursisten taret om dêr in ynliedinkje oer te hâlden en dan neibesprutsen. De observaasjelisten út it lêste part fan it haadstik wurde efkes besjoen. Guon binne gaadlik foar *observaasjedoelen* yn Afûk-leargongen.

Inkelde *fragen* oer dat haadstik, fan belang foar de Afûk-kursussen, binne:

- a. Wat kin der sein wurde oer it ferbân tusken it ferbaal oerdragen fan ynformaasje troch de lesjouwer en it learen troch learlingen/kursisten? (par. 8.1)
- b. Wêr soe de lesjouwer om tinke moatte by de kar fan syn wurkfoarmen? (par. 8.2)
- c. Wêrom moat de lesjouwer der ta oansette dat nije ynformaasje yn ferbân brocht wurdt mei kennis dy't de kursist al hat? (par. 8.2)
- d. Wêrom is it oefenjen yn 'praktyklearsituaasjes' tige fan belang foar de opslach fan kennis en feardichheden yn it lange-termynûnthâld? (par. 8.2)
- e. Wêrom is it geregeld jaan fan 'feedback' op de prestaasjes fan de kursist sa wichtich? (par. 8.2)
- f. Hoe soene jo as lesjouwer rekken hâlde wolle mei ferskillen yn begeliedingsferlet? (par. 8.2)
- g. Soene jo as lesjouwer de wurkfoarm 'gearwurkjend learen' ek (wolris/gauris) brûke wolle? Wêrom wol/net? (par. 8.2)
- h. Wêr kin in lesjouwer oan merkbite dat er effisjinte wurkfoarmen brûkt? (par. 8.2)
- i. Wêr is it dosearjen as wurkfoarm net en al gaadlik foar? (par. 8.3)
- j. Wêr soene jo benammen de wurkfoarm (of it middel) fan it stellen fan fragen foar brûke wolle? En wêr winliken amper of net foar? (par. 8.4)
- k. Kennis- en ynsjochfragen kinne útsplitst wurde neffens fjouwer behearskingsfoarmen. Kinne jo dy foarmen neame en der in foarbyld by betinke dat fan belang is foar jo Afûk-kursus? (par. 8.4)
- l. As der troch minsken oer Frysk taalbelied praat of skreaun wurdt (it neistribjen fan mear Frysk yn ûnderskate domeinen, bgl. offisjele plak- en gemeentenammen yn it Frysk), hokfoar foarmen fan ûnsover tinken soene jo dan tsjinkomme kinne? (par. 8.5)
- m. Wêr soene jo in (koart) ûnderwiislearpetear (as wurkfoarm) foar brûke kinne? (par. 8.5.1)
- n. As jo foarmen fan groepswurk tapasse wolle (soene), wat soene jo dan (benammen) dwaan wolle? (par. 8.6.1)
- o. Hokfoar groeparringsfoarmen, observaasjelisten en techniken hawwe jo wat oan by it staaazjerinnen of letter by it (eventuele) begelieden fan hospitanten? Wêr hawwe jo as lesjouwer wat oan by de evaluaasje fan jo eigen optreden? (s. 263-277). Kinne jo dat taljochtsje?

3. Ut de *Kursus Frysk skriuwen* wurdt *Les 5* trochlêzen en de klam wer lein op taalregels en taaleigen. It giet om de *nammefoarm + n* (par. 5.2.4.). It goed brûken fan de *betrekljike foarnamwurden* komt yn par. 5.3. op it algemint, wylst yn par. 5.3.3. it brûken fan *oft* oan de oarder komt. Brûk dat wurdje *oft* yn it Frysk al as dat kin: *wat oft, as oft; hokfoar ... oft, hoe ... oft, hoefolle ... oft*. Besykje om yn it eigen taalgebrûk de tige Fryske *tuskenrede* (par. 5.3.4.) ek geregeld ta te passen. Sjoch oer *oft* ek ris yn Popkema syn *Grammatica Fries* (2006); sideferwizings steane op s. 356.

Yn 'griemmank' (par. 5.3.7.) moat der benammen om tocht wurde dat 'benaderje' yn de measte Fryske taalsituaasjes in hollânisme is. Der binne genôch alternativen foarhannen. It brûken fan 'njonken' yn de betsjutting fan 'tegenover' en 'vergeleken met' stiet ek faai. Brûk se yn dy betsjutting ris bewust!

Hiel praktysk is ek par. 5.3.8. oer it brûken fan geef Frysk yn *rou-*, *trou-*, en *berte-*advertinsjes. Lesjouwers wurde gauris rieplachte oer sokke teksten.

4. Lês foar de 6^{ste} les twa *taalnoarmartikels* fan S.T. Hiemstra troch: 'Noarm en learmiddels folwoekene-ûnderwiis' (1987) en 'Noarm en ynterferinsje' (1983/1989). It artikel út 1983/1989 kin ek ferfongen wurde troch twa dielartikels út *De Pompeblêden* (nû. 5, 1997 en nû. 1, 1998 oer 'Frysk en Standertfrysk: ôffreding, op- en útbou (I) en (II)' (resp. s. 72-75 en s. 5-7). Besykje om Hiemstra syn opfettings yn inkelde sinnen gear te fetsjen. Hy hat syn opfettings yn de lêste fearnsieu (sûnt 1976) yn artikels en kommisjes (bgl. de taalnoarmkommisje fan de Afûk) nei foaren brocht. Dy hawwe oant no ta in beskieden ynfloed hân (en dan benammen binnen de Afûk). Syn (en oare) opfettings binne ek te finen yn S.T. Hiemstra, 'XIII De taalnoarm', in haadstik yn A. Dykstra en R.H. Bremmer Jr (red.), *In skiednis fan 'e Fryske taalkunde* (Ljouwert: Fryske Akademy, 1999, 242-279).

It Frysk is yn Hiemstra syn eagen noch nèt in foldwaande *standerdisearre* taal, benammen net op it stik fan de eigen *dialektfarianten*. Tink dêrby bygelyks oan de (foar in standert oerstallige) dûbelfoarmen (sûnder/sonder; rjocht/rjucht; efter/achter; nea/noait; earne/ergens; alderhanne/alderhande/allerhanne/allerhande; guon/guont/guodden; guod/guods/guodden/guoddens/guodzen/guon/guonnet/ guons/guont/guonts, ensfh., ensfh.). Der soe yn prinsipe konsekwint(er) foar in (ien) sa Frysk mooglike *standertfariant* keazen wurde moatte en dy soe wer konsekwint brûkt wurde moatte yn bygelyks *lesmateriaal*.

Mar de ôffreding nei it Hollânsk ta is ek net of net goed regele. Tink dêrby oan it de fraach wat der rekkene wurde moat ta in *ynterferinsje* en wat ta in *yntegraasje*. Foar de taal yn lesmateriaal en it hifkjen by eksamens is dat fan grutte betsjutting.

Op grûn fan it stribjen nei gâns mear Frysk yn ûnderskate domeinen, benammen op it mêd fan ûnderwiis, amtlik ferkear, rjochtsferkear en de kommunikaasjemedias (kranten, radio en tv, ynternet), achtet er in dúdlik(er) omskreaune standert needsaaklik, ek wat it sprutsen Frysk oanbelanget (bygelyks foar in tv-presintator of radioferslachjouwer). Hy is fan betinken dat it distânsjebegjinsel dêr in wichtich útgongspunt by wêze moat, foaral om tefoaren te kommen dat it Frysk in dialektfariant fan it Hollânsk wurdt. Dat strykt mei it stribjen fan de Fryske beweging.

It *distânsjebegjinsel* wurdt benammen aksintuearre as in minderheidstaal bedrige wurdt troch in mearderheidstaal en is sadwaande in frij fanselssprekkend ferskynsel by it stribjen (fan dy beweging) om dy minderheidstaal in sa eigen mooglik karakter hâlde te litten. Dat kin net sûnder sa'n prinsipe of kritearium. Wêr oars as yn it reguliere ûnderwiis of by in ynstelling as de Afûk soe men sa'n standert leare moatte?

Fragen:

'Noarm en ynterferinsje' (1983/1989):

- Wat binne neffens Hiemstra de foardielen fan in dúdlike standert?
- Hokfoar fêste regels soe Hiemstra op ta wolle as it giet om it ûntwikkeljen fan sa'n standert?
- Wat is syn opfetting oer saneamde 'âldfrinzige' wurden?

'Noarm en learmiddels folwoekene-ûnderwiis' (1987):

- Hokfoar foarbylden jout Hiemstra fan standerdisearringsregels?
- Hoe sjocht it taalnoarmbeslút fan it Algemiene Bestjoer fan de Afûk fan 14 juny 1985 der út?

Fierders (sjoch ek boppe):

- Wat tinkt jo fan de opfetting/winsk fan Hiemstra om it Frysk fierder te *standerdisearjen*?
- Wat is jo betinken oer it hantearjen fan it *distânsjebegjinsel* by it standerdisearringsproses?

- f. Wat betsjut dat foar Fryske dialektfarianten?
- g. Wat betsjut dat foar hollânismen?
- h. Wat betsjut dat foar de learmiddelproduksje?
- i. Slute de opfettings fan Hiemstra oan by dy fan de *Jongfryske beweging*, bygelyks by dy fan Douwe Kalma?

5. Lês út it *Afûk-learplan 1990 en fierder* de paragrafen 2.3 oant en mei 2.6 (s. 12-18). De doelgroepomskriuwing komt dêrby oan bar (besteande en potinsjele). It stribjen nei *modulen* (learstof mei ien tema of ien *feardichheid* as doel) hat him by de Afûk noch net bot ûntwikkele. Foar de leargongen dêr't in diploma helle wurde kin, giet it oant no ta altiten om mear ûnderdielen (tema's) en feardichheden.

Der wurde lykwols troch de Afûk koarte(re), nèt op in diploma rjochte, kursussen oanbean dy't in (mear) *modulêr* karakter hawwe, bgl. foar de súnenssoarch, de rjochterlike macht, sjoernalisten, fersekeringslju, ynteressegroepkes (foar bygelyks literatuer of skiednis; sjoch de folders en struibriefkes mei it kursusoanbod foar net-Frysktaligen en Frysktaligen). Gauris hawwe dy kursussen in beheind, ynliedend karakter, al hoecht dat fansels net.

De *skriuwkursus* fan acht lessen (yn de didaktykmap) is rjochte op ien feardichheid, it better *skriuwen* fan (benammen 'saaklike') teksten yn geef Frysk, en is troch Hiemstra ûntwikkele foar in beskate doelgroep (meiwurkers fan de Fryske Akademy), mar is ek troch oaren op in A⁺-nivo goed te brûken om minder flaters te meitsjen op it mêd fan lestiger staveringsproblemen, taaleigen- en taalregels by it skriuwen fan teksten. It trochwurkjen dêrfan hat wer ynfloed op in better mûnling taalgebrûk. De skriuwkursus jout ek stipe by it tarieden en útfieren fan lessen troch takomstige lesjouwers of it sûnder flaters skriuwen fan skôgings. Men soe de learstof fan dy leargong as 'ien' module sjen kinne.

Nei it lêzen fan de paragraaf oer de didaktyk, wurkfoarmen en learaktiviteiten (par. 2.5) moat it ferskil tusken 'stjoerende' (by learmominten) en 'banende' (by mear *útnoegjende* taalwinmominten) wurkfoarmen dúdlik wêze. De rol fan de lesjouwer is dan ek oars. By it gearstallen fan lesstof en it lesjaan moat men mei beide mominten rekken hâlde.

Behalven by de leargongen foar net-Frysktaligen, A-, B-, C-, de Akte, it Didaktysk foech en it Frysk yn it Offisjele Ferkear, wurde der op it stuit (2007) gjin oare eksamens ôfnommen. It eventueel útrikken of útrikke wollen fan sertifikaten troch de Afûk by oare kursussen as bewiis dat men dy folge hat, hat (hast) gjin maatskiplike status. De mei in *diploma* ôfsletten kursussen hawwe al in beskate maatskiplike, sivile status en wurde troch ynstellings, bedriuwen of gemeenten ek gauris frege of beleanne.

Fragen:

- a. Wat binne potinsjele doelgroepen fan de Afûk?
- b. Wat binne de motiven fan de besteane doelgroepen?
- c. Wat wurdt der ferstien ûnder in modulêr systeem?
- d. Kinne jo inkelde foar- en neidielen neame fan in modulêr systeem?
- e. Wat wurdt ûnder it begryp 'didaktyk' ferstien?
- f. Wat wurdt der ferstien ûnder de begripen 'wurkfoarmen' en 'learaktiviteiten'?
- g. Hoe wurdt der tocht oer (winsklike/mooglike) wurkfoarmen foar it:
 - oanlearen fan frjemde (nije) wurden;
 - grammatikale regels;
 - taalgebrûksregels?
- h. Wat is it ferskil tusken 'banende' en 'stjoerende' wurkfoarmen?
- i. Wat binne de foar- en neidielen fan dy beide oanpakken?
- j. Kinne jo inkelde stjoerende (learmominten) en inkelde banende (útnoegjende) wurkfoarmen oanwize yn dizze les (les 5)? Wurde se neffens jo op in ferantwurde wize kombinearre?
- k. Wat is de wearde fan fariaasje yn wurkfoarmen?
- l. Moat men lykwols allinnich fariearje om wille fan de fariaasje? Motivearje jo opfetting.

Boarnen: de skiednis fan it Frysk en de Fryske beweging

It ûnderdiel *twataligens* komt foar yn de leargongen foar C en de Akte. Ut û.o. it boek *Twataligens*, skreaun troch K. Boelens en oaren (Ljouwert: Afûk, 1981), hawwe de kursisten ynformaasje opdien oer de Fryske taal, (earder) hdst. 3 ('wat is Frysk?', 'komôf fan it Frysk', 'Fryske dialekten, folkstaal en kultuertaal', 'East-Fryslân en Noard-Fryslân') en (hjoed de dei) wat oer 'It Frysk de iuwen troch' (de haadstikken 17 o/m 20). Yn J. Popkema syn *Ta de taalkunde fan it Frysk* (Afûk, 1998² of letter) giet hdst. B1 oer it 'Frysk middenmank oare Germaanske talen'.

Ut *Gewoan twatalich* fan J. Ytsma (Ljouwert: Afûk, 1999) hawwe se wat leard oer twataligens, taalsosjology en sosjolingwistyk, in stikmannich wichtige begripen, de taalsituaasje yn Fryslân en de lytse talen yn Europa. Deselde Ytsma jout yn it earder neamde *In skiednis fan 'e Fryske taalkunde* (1999) yn haadstik XI in aardige ynliding oer "Taalsosjology en sosjolingwistyk yn Fryslân" (s. 213-227). Foar fierdere stúdzje is syn literatueroersjoch oan de ein fan dat haadstik út soarte wer fan belang. Mar der is fansels folle mear publisearre, ek oer de *eksterne* skiednis fan it Frysk en oer de histoarje fan de Fryske *beweging*. Yn it neikommende jou ik in stikmannich wichtige boarnen. Elts boek is fansels wer basearre op gâns oare boarnen (sjoch de literatueropjefte yn dy publikaasjes).

Utwindige skiednis fan it Frysk en de skiednis fan de Fryske beweging

- Bantelmann, A., A. Panten, R. Kuschert en Th. Steensen, *Geschichte Nordfrieslands*. Braïst/Bredstedt: Nordfriisk Instituut, 1995. Dêrút benammen: hdst. IV, B, par. 5 : 'Die friesische Bewegung' (s. 298-302); E, par. 2. 'Die friesische Bewegung' (s. 396-403). Of: Thomas Steensen, *Im Zeichen einer neuen Zeit. Nordfriesland 1800 bis 1918*. Braïst/Bredstedt: Nordfriisk Instituut, 2005 (Teil 4) en Thomas Steensen, *Geschichte Nordfrieslands von 1919 bis in die Gegenwart*. Braïst/Bredstedt: Nordfriisk Instituut, 2006 (Teil 5).
- Behre, K.-E. en H. van Lengen (red.), *Ostfriesland. Geschichte und Gestalt einer Kulturlandschaft*, Aurich: Ostfriesische Landschaft, 1996. Dêrút benammen: Ulrich Scheuermann, "'Sprache' in Ostfriesland" (s. 241-352).
- Beried foar it Frysk, *Rapportaaazje fan de wurksumheden oer de jierren 1999-2001*. Ljouwert, 2002. Dêrút benammen: hdst. 2. 'Aard wurksumheden en wurkwise' (s. 17-39), hdst. 6 'Slotbeschouwing', s. 183-189.
- Bremmer Jr, R.H., *Hir is eskriven. Lezen en schrijven in de Friese landen rond 1300*. Hilversum/Leeuwarden: Uitgeverij Verloren/Fryske Akademy, 2004.
- Bij, J. van der en R.W. Valk, *Fries in het voortgezet onderwijs, een Echternachse processie*. Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy, 2005 (benammen dl. I 'De positie van het Fries', s. 15-91).
- Boomsma, P.R., *Kneppelfreed. Gevecht om de taal met wapenstok en waterkanon*. Franeker: Uitg. Van Wijnen, 1998.
- Dijk, K.J. van, *De ûntjouwing fan it Frysk yn it offisiële ferkear*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1982.
- Feenstra, H., *Duizend jaar Gronings taallandschap. Talige ontwikkelingen in cultuurhistorisch perspectief*. Bedum: Profiel, 1998. Ut it grutte haadstik 'Het taallandschap' dat de siden 46-136 beslacht, is benammen de paragraaf oer 'De Oudfriesse periode tot 1400' (s. 50-61) fan belang.
- Feitsma, A., *Tussen volkstaal en schrijftaal, meningen van filologen over het fries*. Rede 1978. Ljouwert: KU, 1978 (69 s.).
- Heeroma, K. en J. Naarding, *De ontfriesing van Groningen*. Groningen: 'Stabo/All-round' B.V. (werprintinge 1979; 62 siden).
- Hemminga, P., *Het beleid inzake unieke regionale talen. Een onderzoek naar het beleid en de beleidsvoering met betrekking tot een drietal unieke regionale talen: het Fries in Nederland en het Noordfries en Sorbisch in Duitsland*. Ljouwert; FA, 2000. Dêrút benammen hdst. 5. 'Het Fries in Nederland' (s. 171-242) en hdst. 6. 'Noordfries in Duitsland' (s. 243- 298). In tige weardefolle dissertaasje!
- Hiemstra, S.T. (einred.) e.o., *Oanfalsplan Frysk*. Drachten/Ljouwert, okt. 2007 (op www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes of www.fryskebeweging.nl/ffu/brievenútgien2007 oan te klikken); ein 2008 is in ferbettere en útwreide ferzje ferskynd (ek oan te klikken).
- Interfriesischen Rat e. V., *Die Friesen – ein Volk für sich?* Aurich: Ostfriesische Landschaftliche Verlags- und Vertriebsgesellschaft mbH, 2001. Dêrút benammen Marron C. Fort & D. Stellmacher, 'Die Bedeutung des Friesischen als Sprache' (s. 21- 29).
- Janich, N. en A. Greule (red.), *Sprachkulturen in Europa. Ein internationales Handbuch*. Tübingen: Gunter Narr Verlag, 2002. Op de siden 73-78 wurde ús Frysk, it Noardfrysk en it Sealtersk behannele (neffens taaltype en fersprieding, de kodifiaasje en de taalkultivearring) troch L. Jansma en P. Hemminga.
- Mulder, B., *Fryske Taalpolityk*. Boalsert: Koperative Utjowerij, 1997.
- Mulder, B., *De miskende taaheid fan it Frysk*. Leeuwarden/Ljouwert; Friese Pers Boekerij, 2007.
- Pietersen, L., *Taalsociologie; Minderheden, Tweetaligheid, Taalachterstand*. Groningen: Wolters-Noordhoff (2^{de} pr.), 1980). Fryslân en de Friezen komme eksplisyt op it aljemint yn de paragrafen 2.6, 3.9 en 4.5.
- Plank, P.H. van der, *Taalsociologie. Een inleiding tot der rol van taal in het maatschappelijk verkeer*. Muiderberg: Coutinho, 1985 (it Frysk komt eksplisyt oan 'e oarder yn it haadstik oer 'Taalpolitiek', s. 164-173).

- Popkema, J. (einred.), *Mei it wiffe skip. Nei hûndert jier Kristlik Frysk Selskip*. Ljouwert: Elikser, 2008
- *Taal fan it hert*. Ljouwert: Provinsje Fryslân, 2004 (brosjuere fan 46 siden oer de *Fryske taal en kulture* yn it Frysk, Hollânsk, Ingelsk of Dútsk, oan te freegjen by de Provinsje [till.: 058-292 59 25]; gaadlik as ynliedende tekst foar Afûk-kursisten; sjoch ek ris op www.fryslan.nl).
- Schaaf, Sj. van der, *Skiednis fan de Fryske biweging*. Ljouwert: De Tille, 1977 (in wichtich standertwurk!).
- Steensen, Th. (red.), *Das grosze Nordfriesland-Buch*. Bredstedt: Nordfriisk Instituut/Ellert&Richter Verlag, [2000]. Benammen it hdst. oer ‘Sprache und Literatur’ (s. 232-273) en dêr wer út: ‘Friesisch und die Mehrsprachigkeit im Sprachenland Nordfriesland’ (Steensen/Tadsen, s. 234-241).
- Velden, B.D. van der, ‘*Waar gaan wij heen met het Fries?*’ *Het gebruik van de Friese taal in het juridische en in het bestuurlijke verkeer in de laatste twee eeuwen*. Nijmegen: Wolf Legal Publishers, 2004 (proefskrift).
- Vries, O., ‘*Naar ploeg en koestal vluchtte uw taal*’, *De verdringing van het Fries als schrijftaal door het Nederlands (tot 1580)*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1993.
- Zondergeld, G.R., *De Friese Beweging in het tijdvak der beide wereldoorlogen*. Leeuwarden: De Tille B.V., 1978 (dissertaasje mei gâns ynformaasje oer de beweging en de bewegers).

Wat soene jo dêr sels noch oan taheakje wolle (sjoch bygelyks de publikaasjelist fan de Fryske Akademy [oan te freegjen] ris troch of klik op www.fryske-akademy.nl). Op www.google.nl is ek in protte te finen oer it Frysk en de Fryske Beweging.